


3-5-1979

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Wyke Blanksma-v.d. Witte, till. 9487
 Sytske Dykstra-Bouwhuis, ,, 2968
 Rients van Buren, ,, 9280
 Marten Kikstra, ,, 9269
 Jan Dykstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dykstra-v.d. Meer

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Ljouwert

REDAKSJEADRES: SYLROEDE 5

BANKRELAESJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.
 Rabobank Bolsward, rek.nr. 3087.56.800
 t.g.v. It Skieppesturtsje, Tjerkward.

.....

FOARWURD:

Hweryn in lyts doarp great wêze kin, hawwe wy wer sjoen mei it feest. We wiene meiinoar dwaende en we hawwe it meiinoar gesellich hawn en makke.

Foar in great part is dat fansels ek to tankjen oan ús Oranje-bistjûr, dat it allegear op poaten setten hat. We tochten sa, dat hja ek yn folle tofredenheit weromsjen kinne.

Hweryn in "great" doarp lyts wêze kin meitsje we hjoed de dei jammergenôch ek noch faek mei. Hwer't in doarp it iene moment iepen en blier wêze kin, kin it derop wer stikem en stûrsk wêze. Dit is lykwols tige spitich. We binne mar gewoane doarpelingen: wolris lyts en wolris great. En al wurde we allegear wolris lytsman makke, lit ús mar prebearje om in bytsje gewoan en iepen tsjinoer de oar to bliuwen.

Hwat der fierder bard is: By Dicky en Akke Tjalsma waerd op 5 septimber de twadde dochter berne. De lytse protter wurdt Hiltje neamd. Heit Dicky sil nou wol skrappen hawwe om it syn trije froulju hwat nei it sin to meitsjen.

Ek binne wy yn Tsjerkwert trije jongfammen kwytrekke. Op 14 septimber trouden Hilda Schakel en Johannes Visser. Hja wenje nou yn Hartwert. By de famylje Schakel binne de dochters nou op.

Op 10 oktober binne boaske Minke Bakker en Rein v.d. Schaaf. It tinnetder nou ek aardich út by heit en mem Bakker. Minke en Rein wenje yn Boalsert, dat se kinne noch maklikernôch ris lâns komme.

By de famylje Velema trout op 26 oktober de âldste dochter Joke mei Siebe Koopmans. Hja komme koppe de saek yn Boalsert to wenjen. Moaijer kin it net tocht ús.

Ek by Tsjerkwerters om útens waerden lytse poppen berne: op 13 septimber by Dieuwke (Bakker) en Wiepke Zijlstra op Nijhúzum de lytse Anita Boukje. Beppe Boukje en pake Wieger hawwe dit fiert troch gelyk mar in wykein nei Parys to gean.

Hiltsje (v.d. Meer) en Adriaan Bokma waerden op 22 sept. tige bliid makke mei lytse Jantje Ineke, dy't nou yn 'e selde widze leit, wer't beppe Jantje froeger ek ynlein hat. Beppe Jantje dêrom ek net sa'n bytsje greatsk.

Op 21 oktober waerd by Murk en Thea Wijngaarden to Heech in famke, neamd Elly, berne. As wy ús net forsinnen hat Eelke fan Bernard en Tsjikke ek op dizze syn jierdei, dat frou Wijngaarden hat it straks mar drok. Se kin fan de iene nei de oare reizigje.

Dit wie it foarsafier as wy witte. Mochten we ien (of mear) forjitten hawwe, nim it ús dan mar net kwea ôf, dan wisten we it net.

Fine jo it aardich, dat sa ek noch ris hwat heard wurdt fan Tsjerkwerters om útens, dan soene wy sizze: stjûr ús in kaertsje en wy forsoargje de rest.

Folgjende kopy graach foar 15 desimber!

Groetsjend, nammens de redaksje,

De opbrengst van de plaatselijke collecte voor
het Kon. Wilhelminafonds bedroeg f 604,75.

De collecte voor de Nierstichting bracht het
bedrag op van f 200,--.

Hartelijk dank.

Nijs fan 'e Oranjeforiening:

It is al wer in pear wike lyn,
dat we ús doarpsfeest hiene.
De earste kear zette it allegearre sa goed útein,
mar de middeis waerden we forslein:
Sjoerd van 't Zet, in warber doarpsgenoat forstoar.
It feest waard útsteld en we kondigen it fjouwer wikeletter
wer oan.

7 Sept., jouns 7 ûre, it fierljeppen gyng fan start,
it springen gyng mar ti e knap.
"Eensgezindheid" wie der foar oplústering by.
Sa nou en dan wat muzyk en dan wer wat ljepperij.
Njoggen ûre begong it yn it Waltahûs al hwat to rinnen;
de Country en Western groep koe dan ek bigjinne.
It hiele doarp koe hast mei geniete,
in pracht stik muzyk en nei ien ûre koene jo rêstich sliepe.
De oare moarns kamen se sa stadichoan wer oansetten.
"Eensgezindheid" hie de kofje al wer klear, it koe net better.
De bern soene ringstekke op'e fyts,
beppe de 50 jier hockeyend om hwat peallen, se hiene it soms
bryk.

It Matinee hie wol op it fjild kind, sa moai wie it dy deis,
mar we giene dochs mar nei it Waltahûs op reis.
De "Tizebosken" hiene de stemming der al wer yn,
jong en âld, alles hie al wer in fleurich sin.
Nei hûs ta to iten hoe gden jo net,
der waard troch Sytse jo alles wol foarset
(jo moasten fansels wol ta de ponge).

- UTSLACH "ZESKAMP": 1. Singel: 34 punten;
2. Iemswâlde: 33 punten;
3. Rytseterp: 31 punten;
4. Waltawei: 23 punten;
5. Arkum: 18 punten;
6. Beabuorren: 16 punten.
-

Vrijdag 2 nov. houdt de Oranjevereniging haar ledenvergadering in it Waltahûs.

Er zijn belangrijke programmapunten te bespreken, dus komt allen.

Stem zelf mee en praat mee over de komende activiteiten.

Het bestuur.

.....

Berichten van de Dorpsomroeper

In het voorafgaande no. 4 schreef ons redactielid Rients vannBuren in zijn foarwurd: 't is weer voorbij de zomer en inderdaad het is zo. En dan volgt weer de tijd van de lange gezellige avonden binnenshuis met zijn vele bekoorlijkheden.

Maar de tijd, met z'n allen geschaard om het Huiseelijk Harmonium en dan de bekende liederen uit volle borst zingende, behoort in vele gezinnen wel een beetje tot het verleden.

Enkele tientallen jaren geleden is daarvoor in de plaats gekomen het Hilversumse Tabernakel ofwel de beeldbuis. En als dan 's avonds 7 uur het kijkvoer wordt aangereikt, dan kan men nog altijd uit 2 menu's kiezen.

Alleen al die Fred Oster, als die de marmotten over uw scherm laat rennen en het winnende jonge paar zich krampachtig aan elkaar vasthoudt om de laatste buit nog even binnen te halen. Zeer vermakelijk en geld stinkt nu eenmaal niet. Jaren geleden gingen nog jonge kinderen met een marmot onder hun jas of mantel langs de deuren en kon je hem tegen betaling zien voor 1 cent of 1 stuiver.

Zo ziet u maar weer: tijden hebben tijden!

Wat mij persoonlijk ook steeds zeer boeit, dat zijn die verschillende Praat-programma's, waar het glas Oranje-leuterwater ofwel de nationale kletsdrank op de tafel staat. Het kan wel eens iets uitlopen, maar dan moet je maar denken, die sprekers zitten de Hagepreken nog in het bloed en dan met wat krakerige eetwaar in je bereik is het goed toeven. En als van Gogh, die in 1885 de Aardappeleters schilderde, nog eens om de hoek kon kijken in verschillende huiskamers, dan ging hij misschien de Chips- of wokkels- en Pretletterseters schilderen. Genoeg hierover; er zit tenslotte een knop aan ieder toestel voor aan en uit.

Onlangs liep de Bovenmeester met de 2 hoogste klassen de Wandelroute. De liederen, naar ik vermoed, die onderweg gezongen zijn, zal vast wel het welbekende Ferme Jongens-Stoere knapen over de mooie greiden geklonken hebben.

Honderden na jullie zullen nog volgen. De boven-bedoelde Wandelroute zal een tijd een zalvende stilte ondergaan, maar het komende jaar gaat het dan pas echt gebeuren en mensen..... geen benauwde en angstige kreten als: Bergen kom over ons en Heuvelen bedekke ons.

Vooreerst maar eens een massale tocht van Dorpsgenoten in de nabije toekomst, dat zou geweldig zijn!

En wat ik het vermelden zeer de moeite waard vond, is nl.: bij de fam. Reidsma stond enige tijd geleden de Noorderlicht-anjer in bloei; zeer zeldzaam in deze streken.

De prijsuitreiking van de Tuinwedstrijd 1979 zal op 9 nov. plaatsvinden, na de vergadering van D.B. in het Waltahûs. Naar alle waarschijnlijkheid, het is nl. nog niet geheel zeker, zal de bekende Tuinbioloog Prof. Bloemsma uit Wageningen, een korte lezing houden over bloemen in de tuin en hun verzorging.

De laatste prijsvraag wordt door het geringe aantal oplossingen nog verlengd tot 9 nov.

Voor diegenen, die het niet meer wisten wat er gevraagd werd, het volgende:

- In welke plaats of stad in het zuidwesten van Friesland staat op een ophaalbrug stap-voets?

Allen weer goede tijden toegewenst,

de Dorpsomroeper.

%%/%%/%%/%%/%%/%%/%%

BILJARTVERENIGING:

In het afgelopen winterseizoen is er vrij fel gestreden in de competitie.

Halverwege was het S. Hiemstra, die aan de leiding ging; uiteindelijk was het Eelke Wijn- gaarden, die de winnaar werd en derhalve de clubkampioen is geworden.

Ook is er strijd geleverd in de dorpencompe- titie Parrega-Tjerkwerd.

Tjerkwerd ging in november eerst op bezoek naar Parrega. Parrega won op deze avond met 7 winst- partijen uit 12.

In februari kwam Parrega bij ons op bezoek, deze keer was het Tjerkwerd, die een dikke winst be- haalde, nl. 10 uit 12; derhalve kwam de wedstrijd- beker voor een seizoen naar Tjerkwerd.

Deze beker is voor een ieder te bezichtigen in de bar van Sietse.

Inmiddels zijn voor de dorpencompetitie van a.s. winter de volgende wedstrijd-data's vastgesteld:

20 november in Tjerkwerd;

8 februari naar Parrega.

11 Sept. jl. is de biljartcompetitie weer van start gegaan met 16 leden.

XXXXXXXXXX

Het raadsel van de "ielbakken" bij de heer D.N. in de vaart, is nog niet opgehelderd.

De korpsleiding van de Rijkspolitie te Wonseradeel, betreurt deze gang van zaken. Zij heeft dan ook de plaatselijke wachtmeesters Blanksma en Kikstra met het onderzoek belast.

Voor degene, die inlichtingen kan verschaffen, die leiden tot de oplossing van deze mysterieuze zaak, hebben onze plaatselijke Martin Starsky en Jan Hutch een mooie prijs uitgeloofd: een pondje zeer verse paling uit hun eigen rokerij.

//////////

Muzykforiening "EENSGEZINDHEID", anno 1922:

Forline wike moandeitojoun 8 okt. haww' we earst in ûrke blaest om dêrnei ús tradysjonele ledeforgadering to hâlden.

As men sa'n jier oereidit stiet men forbaesd, hwat sa'n korps allegear wol net útewei set, einliks ûnmisber foar in doarp.

As bistjûrslid wie ôftredend en herkiesber Akke de Haan út Boalsert, dat bliuwde sa 't wie. Akke is in tige krekte "penningmeesteresse": de kas wie dan ek lyk as oars wer tige ynoarder.

Eensgezindheid sit en stiet op it moment mei "alle hens aan dek" op in ledeoantal fan 35 man; d.i. in snel groeiproces west, dat wy hoopje yn stân to hâlden.

Op inkele nei, hat ek elts lid in nij as sa goed as nij ynstrumint.

It ôfroune jier binne der oankocht: 12 blaesy-
struminten en in greate trom. Der moat nou noch
in bas, trombone en in tuba komme.

Dizze útwreiding hie nea barre kind, as de gemien-
skip fan "Tsjerkwert en omkriten" net sa spontaan
út 'e hoeke kamen mei finansjele stipe.

De koekeaksje, it omheechbringen fan it donateurs-
jild, de consumptie-tinte op it sportfjild en de
doar oan doar-aksje foar in frije gave,
+ f 10.000,--, binne allegear tige slagge.
Inkelde taseine jeften komme noch.

Nammens leden en dirigent, ús wolmiende tank foar
de gelle meiwurking en it ynstân hâlden fan it
korps.

As earstkommende aktiviteiten steane op stapel:

27 okt. play-in yn Wytmarsum, dêr sille
4 muzikanten oan meidwaen;

17 nov. nei it festival yn Makkum;

? nov. kofjekonsert yn it Waltahûs;

3 febr. 1980 hâlde we ús jierlikse
útfiering.

Dit wie it sa foar "dizkear". Allegearre groetsjend
fan "Eensgezindheid",

W.van A.

Schaatstraining te Makkum:

Jongens en meisjes in de leeftijd van:

12 - 20 jaar kunnen hieraan meedoen.

De training is van half zeven tot half acht

's avonds. Kosten zijn: f 32,--.

Eenmaal per maand is er trainen in Heerenveen.

Je kunt je opgeven bij het bestuur van de

IJsclub.

/%/%/%/%/

Nieuws van het dorpsbelang "Tsjerkwert":
=====

De afgelopen tijd is een bezige tijd voor ons geweest, er is verschillende keren vergaderd.

- ⊗ We hebben al eens eerder gemeld, dat we als dorpsbelang ook bezig zijn met de ruilverkaveling, wel daar is nu dan een start mee gemaakt.

We hebben ons eerste gesprek met de heer Jan Salverda uit Leeuwarden gehad.

We hebben onze wensen kenbaar gemaakt en de heer Jan Salverda zal daar verder aan werken. Verder zal hij een boekje maken over Tsjerkwert, waar alles wat hier gebeurt en aanwezig is, in vermeld zal staan.

- ⊗ Dan hebben we onze jaarvergadering op 9 nov. a.s. om 7.45 uur in it Waltahûs.

De heer Fr. Schakel zal op deze avond de prijzen van de tuinwedstrijd uitreiken.

We hopen, dat u allemaal op deze avond komt.

Sportvereniging Tjerkwerd:

Nu het zomerseizoen weer voorbij is en de wintersporten weer begonnen zijn, blikken wij nog even terug op de zomersporten van 1979:

* KAATSEN:

Voor het competitiekaatsen bestond goede belangstelling, al waren er enkelen, die het maar bij 1 of 2 avonden hebben gehouden. Dit is natuurlijk jammer en kan de uitslag beïnvloeden.

Dus volgend jaar regelmatig komen.

De uitslag van dit seizoen is:

Senioren: 1 Sjoerd Nauta : 83 punten;
2 Henk van 't Zet: 76 punten;
3/4 Jan v.d. Stap : 75 punten;
Bertus Walsma : 75 punten.

Junioren: 1 Richard Schakel: 101 punten;
2 Sjoerd Bakker : 79 punten;
3/4 Fr. Pietersma : 78 punten;
Klaas Nauta : 78 punten.

De prijzen zullen op de eerstvolgende jaarvergadering worden uitgereikt.

* Op de Wonseradeel-partij op 23 juni en de schooljongensafd. parturen waren geen vertegenwoordigers van Tjerkwerd aanwezig. Misschien volgend jaar beter.

⌘ De uitslag van de ledenpartij op 1 sept jl. was als volgt:

1. Meindert v.d. Wal, Jan v.d. Stap, Menno Poelstra.
2. Meinze Bakker, Geert Fabriek, Jos Falkena.

Ondanks de geringe deelname (6 parturen) duurde het tot bijna half zes voor de uitslag bekend werd. Hij 5 om 5 en 6 gelijk, werd de kaats gepasseerd.

Ook deze prijzen zullen op de ledenverg. worden uitgereikt.

⌘ VOLLEYBAL:

Tot onze spijt hebben we moeten constateren, dat de belangstelling in tegenstelling tot voorgaande jaren, tot het nulpunt is gedaald.

Alleen op Koninginnedag is er gevolleybald door 2 teams. Voor de geplande oefen- en ledenwedstrijden was geen belangstelling.

⌘ DORPENCOMPETITIE:

Deze voetbalcompetitie heeft ook dit jaar weer veel belangstelling gehad en het was jammer, dat Tjerkwerd op de laatste avond tegen Exmorra niet alle cracks op kon stellen, anders was misschien deze keer de beker voor een jaar in huis gebleven.

De ploeg van Parrega heeft het er de laatste avond wat bij laten zitten, door met veel te weinig spelers aan te treden. Dit is niet sportief.

De uitslag was: 1. Exmorra. 3. Gaast.
2. Tjerkwerd. 4. Parrega.

⌘ GYMNASTIEK:

Sinds 12 sept. is de gymnastiek weer los. Groep I (t/m 12 jr.) is goed bezet met 18 jeugdige gymnasten. Groep II (12 t/m 20 jr.): hier kunnen nog wel enige meisjes terecht; ook groep III (dames vanaf 20 jr.) heeft nog wel enige versterking nodig.

Misschien heeft één van jullie er wel aan gedacht maar zich nog ^{niet} opgegeven. Zet deze stap even, het is goed voor u!

☞ TAFELTENNIS:

Hierbij willen wij diegenen vragen, die hiervoor belangstelling hebben, om zich even bij het bestuur te melden, zodat die zich erover kunnen beraden of dit nog op het programma voor deze winter moet komen.

☞ FINANCIEN:

Eerstdaags zullen wij bij u aan huis komen voor het ophalen van de contributies en/of donaties voor de diverse sportevenementen. Het is maar dat u het even weet.

- Op 10 nov. a.s. zal er weer een sportmiddag georganiseerd worden in de sporthal te Makkum, met o.a. zaalvoetbal, volleybal, zaalkaatsen.
- De ledenvergadering zal worden gehouden op vrijdag 23 nov. a.s. om 20.00 uur in it Waltahûs.

J.F.

(())(())(())(())

Data om te onthouden:

- 2 nov. : jaarverg. Oranjevereniging;
 - 6 ,, : afscheid juf Woudstra;
 - 7 ,, : kazar vrouwenvereniging;
 - 9 ,, : jaarverg. dorpsbelang + uitreiking tuinprijzen;
 - 10 ,, : sportmiddag in sporthal te Makkum;
 - ? ,, : koffieconcert muziekkorps Eensgezindheid;
 - 20 ,, : bilj.-wedstrijd Parrega-Tjerkwerd;
 - 23 ,, : jaarverg. sportvereniging;

 - 1 jan. 1980: nieuwjaarsbal;
 - 3 febr. ,, : uitvoering korps;
 - 8 febr. ,, : bilj.-wedstrijd Parrega-Tjerkwerd, te Parrega.
-

Bijdragen binne kommen fan: G. v.d. Witte, Wytmarsum;
S. Dijkstra, Sondel; E. Witteveen, Boalsert; S. Nauta, Waltawei;
S. Breeuwsma, v. Panhuyswei; K. v.d. Weg, Waltawei;
S. Bakker, Tsjerkestrj.; D. Bakker, Boalsert; D. v.d. Werf,
Boalserterwei; Akke de Haan, Boalsert; Tj. Twijnstra, Hollendoorn;
F. Reidsma, Ljouwert; K. Schukken, Hearpenfean.

Nijjiersbal.

It j ierlikse nijjiersbal, dat elts jier op nijjiersdei hâlden wurdt, sil fuortoan organisearre wurde troch it Stichtingsbistjûr fan it Waltahûs. Tank oan it Kommittee, dat it oant nou sa treflik foarinoar hie.

Snypsnaren.

- gratis marturf af te halen op kade 8 voor minder bedeeden en mensen, die niet door eigen toedoen in staat zijn te kopen.
- Hans Batteram helle mei syn houn in earste priis op 'e keuring. Sy foarmen de bêste twakaert.
- doe't Brandsma mei skoansoan Geart nei Arnhem teach om de caravan op to heljen, gyngen der ek in pear douwen mei. De douwen wiene earder thús as Gurbe.
- sex op Rytseterp: op nûmer fjouwer hat men in doaske mei in moai frommis. Nou let dat fansels neat, mar sa nou en dan strûpt se de hiele brot út en stiet dan fansels neaken en bleat. En dat mei dit waer....
- forskate froulje út Tsjerkwert binne foar in "strijkje" nei Parregea west. It sil wol bij Hille op 'e boppeseal west hawwe. Hokker orkest der nou kroekt spile is ús net bikend.
- de strontrace fan Jousterp nei it skoalhûs slagge net. Bij Joh. Dijkstra roun it tsjil fan't reau. Pier en master Klaas hawwe in hûdfol wurk hawn om de stront oan 'e Waltawei to krijen, mar Pier it meast, hwant master hat meastal op 'e skeppe hongen.
- ús doarpsgenoat Wim Steggerda rekke okkerdeis hast yn de trommelauto.
- de kat fan Anny de Jong is yn Amsterdam ynternasjonael kampioen wurden
- de Poelstra's hawwe nei Parijs west! Wy forwachtsje in wiidweidich forslach yn't oare krantsje
- it oantal lizboksen stiicht, it oantal bulkweinen fan A.J.G. en Zn. ek.
- kopij ynleverje foar 15 decimber en perfoast net letter!!!!!!!!!!
- Ineke hat Jan dresseard, nou is se mei de houn dwaende.....

[Handwritten scribble]

